

[0133]

ERDBRECMA

Oanrin.

Nou 't de boustoffen foar in âldfrysk wurdboek yn it Fryske Ynstitút to Grins linkendewei oanwaekse, bistiet de mooglikheit, dat guon wurden, dêr 't de bitsjutting alearen net fan fêststie, mei wissichheit forklearre wurde kinne. Ien fan 'e wurden, dêr 't it gearbrochte materiael in oar ljocht op smyt, is de haednamme *erdbrecma*. Yn 'e rin fan 'e tiden is dat bigryp gauris op 't aljemint kommen, mar nou binne wy leau'k by steat en jow der in útliz oan, dy 't jin better foldocht. Fan 'e ûndersikers, dy 't oer it substantyf *erdbrecma* gear west hawwe, moat yn 't foarste plak S.J. Fockema Andreae neamd wurde, dy 't yn 'e rige *Tekstverklaring van oud-Nederlandsche rechtsbronnen* ¹⁾ in wiidweidige stúdzje oer de bitsjutting fan dat wurd skreaun hat. Hy kaem dêryn ta it bislút, dat wy *erdbrecma* mei *londbrecma* ²⁾ lykslaen meije en sa likernôch mei 1) it ûnrjochtlige brûken fan lân; 2) de forgoeding dêrfoar ³⁾ werjaen kinne. Yn in oantekening yn syn *Bijdragen tot de Nederlandsche rechtsgeschiedenis* ⁴⁾ brocht de skriuwer syn eardere forklearring lykwols wer to praet yn forbân mei in brievekaart, dy 't er dêr fan Julius Ficker oer krige hie. De Dútske rjochtslearde naem oan, *erdbrecma* soe "Neubruch, neu kultiviertes Land" bitsjutte en Fockema Andreae tocht, dat er dy útliz boppe sines foar kar nimme moast.

Fan 'e oare útlizzingen helje ik jit oan: "Doorgraving, aardverbreking, landscheiding, boedelverbreking, deling" fan W. Eekhoff ⁵⁾ en "de vruchten van het land", lyk as I. Telting ⁶⁾ ornearre. Mei Telting syn bitinken koene û.o. R. Schröder ⁷⁾ - dy't it „ertstadelege korn" út 'e Saksenspiegel ⁸⁾ dêrnjonken hâldde - en R. Tägert har wol forienigje ⁹⁾.

1) Rechtsgeleerd Magazijn, jg. 7, 1888, s. 521 e.f.

2) Sjoch Ite Emsinger Codex, útj. Fockema, III, 344(e), 345, 348, 350, 353, 355 en wurdlist, s. 108: "aantasting van landbezit, boete voor -".

3) Rechtsgeleerd Magazijn, jg. 7, 1888, s. 524.

4) S.J. Fockema Andreae, *Bijdragen tot de Nederlandsche rechtsgeschiedenis*, 5e bondel, 1914, s. 401, n. 1.

5) W. Eekhoff, *Oorkonden van het Sint Anthony-gasthuis II*, 1876, s. 987.

6) I. Telting, *Schets van het Oud-Friesche privaatrecht VI*, *Themis*, 3e verz. 2 (1871), s. 338.

7) R. Schröder, *Geschichte des ehelichen Güterrechts in Deutschland II*, 3, s. 393, n. 17.

8) *Saksenspiegel III*, 56 § 3: "Unde swâr eyn gût erbelôs irstirbt von manne oder von wîbe, daz ertstadelêge corn is sîn (fan 'e "Vronebote") unde des mannes dageleke cleidere". De bitsjutting fan „ertstadelege" stiet nammers noch yn 'e kiif.

9) R. Tägert, *Familienerbe in Friesland*, 1937, s. 100, n. 4.

Dy forklearringen wolle jin allegearre lykwols net rjocht oan. Ommers, *erdbrecma* komt yn teksten foar, dy't it rjocht oangeande it houliksgoed bihannelje en de útlizzingen, dy't oant distiid ta jown binne, strike net mei it ús út oare boarnen bikende âldfryske rjochtstelsel yn dat stik fan saken.

Hjirûnder sil ik bisykje om mei help fan 'e fynplakken, dy't wy nou ta ús foldwaen hawwe, in hiel oare útliz fan it wurd to jaen.

a. *Biwiisplakken.*

1. Yn 'e rjochten en privileezjes fan Albrecht fan Beijeren út 1398 lêze wy: „Item, man ende wyf die sterven binnen den eersten jare datse vergadert zyn, so sal men dat boedel deilen alst vergadert is, ende sterven si na den jare, dat boedel half ende half to deilen ende dat erve sal men deilen alst vergadert is; coopland half ende half to deilen ende *erdbrechtme* sal wesen half ende half”.

Der moat om to bigjinnen op wiisd wurde, dat it stik oer *erve*, *coopland* en *erdbrechtme* net yn alle teksten to finen is; it mist yn 'e *Copia literarum Alberti ducis Bavariae* (Codex Furmerius, bl. 50^v), in lêzing, dy't ek op guon oare plakken ôfwykt.

Lit men de *erdbrechtme* der yn earsten efkes bûten, dan jowt de oanhelle kêst net in bulte swierrichheden. It rjocht op it goed, dat by de dea fan ien fan 'e trouden wer oan dy syn sibben komt, wurdt hjir regele. Men kin dêrby om de fraech stride, oft *boedel* de earste kears mei “erfskip” en de twadde kears mei „replik guod” oerset wurde moat of beide kearen mei „replik guod”. Is it lêste wier, dan moat it foarskrift *ende dat erve sal men deilen alst vergadert is* allyksa jildichheit ha, byhwannear't ien fan 'e trouden forstjert, ear't it boask in jier bistien hat en dan sil men namsto earder de sin oan 'e ein *coopland half ende half to deilen ende erdbrechtme sal wesen half ende half* foar in taheakke út letter tiid hâlde. Oars misse wy ommers in kêst oer *coopland* en *erdbrechtme* foar it gefal dat man of wiif binnen it jier weirekkt. De regeling, sa't dy boppe biskreaun stiet, is fierders op harsels dúdlikernôch. It rjocht oangeande it weromfallen fan it goed by it forstjerren fan ien fan 'e trouden waerd dêr fêstlein; by oerurven lân bleau dat bistan, mar it forfoel nei in jier by replik guod en kocht lân.

2. Sipma, Oudfriesche Oorkonden I, 482, 25 (1504). Hessel Tsjeards Skeltinga to Arum forkeapet 13 pounsmjitte lân yn 'e pleats Bonnema to Kimswert oan Simen Hindriks en dy syn wiif to Harns. Yn dat keapbrief forklearje Hessel syn bern: „Ende want dijsse tretteen pondameta landis ws moers *eerdbreckma* sijnt so hlije ende bikenne wij Tijaerd Abbe ende Jelle foers. dat Hissel ws faer foers. dae penningen foers. eerlick ende wel hat weer bikeerd oen landen toe ws wille ende nuttichheit in sijn eijn gued to Arum in Scheltinghe gued”, wylst hja har heit alle frij jowe om dat stik lân to forkeapjen en de keaper ûnthjitte, dat hja nea en to ninter tsjin dy forkeap oan stride sille. It is klear, hoe't it lân der hinne leit: dy 13 pounsmjitte sil Hessel syn bern oanstoarn wêze fan har mem en de heit kin dy bisitting sûnder goedfinen fan 'e bern net út it goed bringe. It wurd *eerdbreckma* is lykwols sa dúdlik net; àl docht it bliken, dat dizze *eerdbreckma* mûlk mei it bilizzen fan 'e opbringst yn lân gearhinget. De bern forklearje ommers: omdat it har memme *eerd-*

breckma is, hat har heit, lyk as dat hearde, it jild wer yn lân omset. It leit yn 'e reden, dat *eerdbreckma* en it *wer yn lân omsetten* foar inoar oer steane.

3. Sipma I. 301, 28 (1480). Fâden en sibben fan Albert Sikkes syn bern wize as skiedslju Katherina, de widdou fan Albert Sikkes, in rinte ta en biwilligje der yn, dat Katherina dy rinte oan 'e fâden fan it St. Japiksgasthûs forkeapet. Dizze oarkonde heart by trije oaren [Si. I, 182; I, 192; I, 341] en in pear net-Fryske stikken, dy't Eekhoff yn syn *Oorkonden der geschiedenis van het Sint Anthony-gasthuis I* (1876) útjown hat. Forliket men de ûnderskate stikken meiinoar, dan wurdt jin de eftergron fan 'e earstneamde oarkonde wol dúdlik. Yn 1466 (Si. I, 182) forkeapet Bauk Sikkes mei har bern Gosse, Albert en Hilbrân in hûs yn 'e Heechstrjitte to Ljouwert oan Arend fan Surhuzum en syn wiif. Dat hûs wurdt letter fan Hil fan Swol, Arend syn widdou, ta in gasthûs ornearre ¹⁾ en dan docht it bliken, dat de rinten yntusken op sawn postulaetsgoune nei (fan Albert Sikkes) ôfkocht binne. Yn 'e bidoelde oarkonde giet it nou om de helte fan dy sawn goune rinte, to sizzen it oanpart fan 'e bern fan 'e ûnderwilens forstoarne Albert Sikkes. Albert syn widdou Katherina is ûnder de bidriuwen troch wer trouw mei Hans goudsmid en yn 'e niisneamde oarkonde wize de fâden en sibben fan Albert syn bern Katherina it bernepart, de helte fan dy rinten, ta *om hir eerdbreckinghe deer salighe Albert hir deen haed weer toe foerfullen als dat toebyheerth*. Oars sein: troch de *eerdbreckinghe* fan Albert Sikkes hie dy syn widdou eat fan it mandélige goed to foarderjen, dat dêrop fan 'e fâden en sibben foldien waerd.

4. Sipma I, 452, 15 (1501). Skiedslju dogge útspraek yn 'e skelen tusken Tsjits Abbinga, widdou fan Kempe Teakles, oan 'e iene en Kempe en Sierk Jans Doaijinga, Kempe Teakles erven, oan 'e oare kant. De skiedslju stelle yn har einwizing û.o. fêst, dat de widdou har ynbring hâlde sil *als hyo dae nu hat*, wylst de ringen har forgoede wurde sille, dy't hja hie, ear 't hja mei Kempe troude ²⁾, mar letter miste. Fierders wurde har 50 inkelgounen tasein *deer voer her mouwen jouwen sint, deer Kempa eerdbreckma om deen hat ende van alle oer eerdbreckma, deer zillige Kempa deen hat, Tiets deer nen schade van to hebben*.

Dit hâldt dus yn, dat Tsjits al it goed, dat hja ynbrocht hat en dat jit yn syn hear en fear is, hâlde mei, wylst hja bûtendat foar de weiwurden ringen en foar *eerdbreckma* in forgoeding barre sil.

5. Sipma I. 92, 10 (1443). Jelle Dylgisma en syn sweager Evert goudsmid meitsje togearre in oerienkomst, dat de lêste it memmepart oan 'e foarbern fan syn wiif útkeare sil, sa gau as hja de jierren hawwe. Der wurdt in somme fêststeld en binginge, dat de bern fierders gjin rjochten mear op Evert syn goed jilde litte kinne fanwegen har memme erfgoed, noch fan *erdbreckama*, noch fan hokfoar goed, dat hja neilitten hat. Hâlde wy dit njonken de oare teksten, dan sille wy dit sa útlizze moatte, dat de bern gjin oanspraek op it jit biskikbere goed - it goed, dat hja „*leten ende lauwigath had*" - noch op in forgoeding foar *erdbreckama* meitsje meije.

1) W. Eekhoff, *Oorkonden der geschiedenis van het Sint Anthony-gasthuis I*, 1876, nû. 54.

2) De tekst hat: *eer hyo in Kempa wer coem*.

6. Sipma I. 334, 7 en 24 (1484). Skiedslju dogge útspraek yn in skeel tusken hear Feike en de preester en fâden fan it St. Anthony-gasthûs. De kwestje gyng oer in finne, dy't hja yn 'e mande hiene en de *eerdbreckma*, dy't it stedsbistjûr „mei de stedsgrêft” yn dy finne dien hie. Der wurdt û.o. yn útmakke, dat Feike, as der eat fan in útkearing op 'e hispel komt, de forgoeding foar dy *eerdbreckma* krije sil.

7. De Haan Hettema, Oude Friesche Wetten II, s. 5, 28 en s. 61 (opskrift fan kêst 74). (= Ald Skeltarjocht, útjown fan Steller, hs. J, op s. 140). Dy kêst wurdt yn fêstlein, dat man, frou of bern in folsleine forgoeding barre sille, byhwannear't hja forklearje en biwiizgje kinne, dat hja lân forkocht hawwe en de opbringst ta mandegoed wurden is ¹). Boppe de tekst is skreaun: *Fan erwis brekis fullinghe*, wylst yn it register op it Jus Municipale fan *Eeruis breckma* praet wurdt. Alhoewol't dêr net de bineaming *erdbreckma*, mar *eeruis breckma* brûkt wurdt, hat dat ûnderskie neffens my net folle to bitsjuten, om't *erve* krekt lyk as *erde* mei „lân, groun, ierde” werjown wurde moat.

b. *Bislút.*

Op groun fan it lêste biwiisplak soe ik *erdbreckma* omskriuwe wolle mei „it forbrekken fan 'e bân tusken in biskate persoan en dy syn lân”, dat is to sizzen “it oan jild meitsjen fan lân”. Dy oersetting past nei myn bitinken tige bêst yn alle oanhelle teksten, útsein op fynplak nû. 6, dêr't ik *erdbreckma* mei *londbreckma* lykslaen wolle soe.

Hwat it foarste fynplak oanbilanget, is it klear, dat *erdbrechtme* dêr in part fan it goed oantsjutte moat, dêr't in bisûndere regeling foar winsklik achte wurdt. It is gjin *erve*, noch *boedel*, noch *coopland* en as wy de sinbou fan 'e kêst yn 'e rjochten en privileezjes acht slane, dan jowt it wol eigenskip, dat *coopland* en *erdbrechtme* meiinoar forbân hâlde. Wolnou, nimt men oan, dat *erdbrechtme* it yn it houlik oan jild meitsjen fan ynbrocht lân is, dan is dat de logyske tsjinstelling ta *coopland*, it yn it houlik oankochte lân. Dat yn 'e rjochten en privileezjes in apart foarskrift foar dat *coopland* en dy *erdbrechtme* jown wurdt, is neat gjin sûnders. Yn forskate Germaenske lannen koene hja ommers de rjochtsregel: „res succedit in locum pretii et pretium in locum rei” ²). It is lykwols al opmerklik, dat *erdbrechtme* - yn striid mei hwat yn it âlde Skeltarjocht ornearre wurdt - yn 'e rjochten en privileezjes fan Albrecht fan Beijeren op deselde streek stiet as it replike guod en it yn it houlik woune lân, m.o.w. dat kocht lân likegoed as forkocht lân resp. foar bate en skea oanmurken waerden, sûnder dat der mei rekkene waerd, hwer't it jild weikaem of hwer't de keappriis ta tsjinje moast. Men kin by jinsels freegje, oft de regeling, sa't dy yn 'e rjochten en privileezjes ta ús kommen is, wol Frysk rjocht werjowt. Ik leau, dat soks net it gefal is. Oan 'e fynplakken 2-5 docht ommers bliken, dat yn 'e 15de en 16de ieu de regeling út it âlde skeltarjocht noch gou: de frou

1) Sjoch E. M. Meyers, dy't as lêste oer dizze tekst gear west hat yn „Het Friese en Drentse erfrecht en huwelijksgoederenrecht”, Akademiedagen II, 1949, s. 48: „Het is het oudste ons bekende voorbeeld van een vergoeding uit de gemeenschap, wegens daarin gevloeiende privé-goederen”.

2) Sj. R. Schröder, Geschichte des ehelichen Güterrechts in Deutschland, II, 3, s. 253.

krige forgoeding foar oan jild makke lân. Dat jildt binammen foar it biwiisplak ûnder nû. 4, dêr't de frou net allinne in forgoeding foar oan jild makke fêstichheden ynbarde, mar ek foar in mannich liifsieraden, dy't hja by har trouwen ynbrocht. Soks wiist der op, dat de regeling yn letter tiden earder útwreide as bikrompen waard. Ek ûnder de republyk wie de regeling jit fan krêft, dat forkochte ynbrochte fêstichheden by skieding en eindieling forgoede wurde moasten, lyk as wy ôfnimme kinne út Sande, boek II, tit. 5, def. 3. (Sjoch fierders Binckes, *Verklaaringe*, 1e boek, tit. III, art. 7). It bislút kin tinkt my net oars wêze as dat de rjochten en privileezjes fan Albrecht fan Beijeren yn dat stik fan saken frjemd rjocht bifetsje en dat dat frjemde rjocht der to uzes net yngien is ¹⁾.

By de fynplakken 2-5 kin ik nou koart krieme. Yn gefal 2 leit it yn 'e reden, dat de 13 pounsmjitte it memmepart (de ynbring fan 'e mem by har trouwen) fan 'e dêr neamde bern is en dat de heit sadwaende de opbringst fan 'e groun, dy't er oan jild makke hie, wer yn lân bilizze moat.

It tredde biwiisplak sille wy sa forstean moatte, dat Albert Sikkes in part fan syn frou har fêstichheden út it goed brocht hat en hja dêr nou forgoeding út it erfskip foar kriget. Krekt sa'n situaesje docht him, tinkt my, foar op 'e fynplakken 4 en 5. Yn it fjirde gefal stiet neffens my fêst, dat *eerdbreckma* op it lân slacht, dat de man oan jild makke hat, yn tsjinstelling mei it weiwurden replike guod (de ringen) en it jit oanwêzige replike guod en de fêstichheden.

It sechste gefal einlings en to 'n lêsten sille wy net ûnder de oare fynplakken rekkenje meije. Dêr moatte wy nei myn bigryp *eerdbreckma* lykslaen mei *londbreema* en oannimme, dat it dêr "it (ûnrjochtlik) forgraven fan lân" bitsjut. It hat neffens my net folle eigenskip, dat *eerdbreckma* hjir in rjochtskundige bitsjutting ha soe, sokssahwat as „forgoeding foar it foroarjen fan 'e bisting fan it lân". Grins, Hjerstmoanne 1959. N. E. Algra.

1) Yn 'e hjoeddeiske provinsje Grinslân hat, sa 't it liket, de regel gouwen, dat de frou allinne dan forgoeding foar *erdbreema* easkje koe, as har man it goed sûnder har tastimming forkocht hie. Sjoch R. Schröder, oanhelle wurk, s. 401 e.f.